

**Motivearring agindearringsfersyk**

Giet oer agindearring fan	<b>Deltaplan Noard-Nederlân</b> , nei oanlieding fan it brief merkteken1969465 'Deltaplan Noordelijk Nederland - oanbieden Undersyk diel B' d.d. 8 maart 2022 en efterlizzende stikken.
Gearkomste	<b>PS 22 juny 2022</b>
Motivearring foar agindearring	<p>Achte leden fan de Agindakommisje,</p> <p>It Kolleezje hat PS de resultaten fan de Quickscan-MKBA (ûndersyk Diel B) oer it Deltaplan oanbean.</p> <p>Op 16 juny 2021 hat der in kommisjebesprek west fan it Deltaplan. Dat wie benammen prosedureel, der wie op dat stuit noch neat oan stikken / útwurking beskikber dêr't PS ynhâldlik oer kedize koene.</p> <p>It Deltaplan is lykwols in sadanich majeur punt mei in sadanich brede scope, ek finansjeel en rikt safier yn de takomst, dat it net oars kin dan dat PS der ynhâldlik debat oer fiere, sa waard ornearre troch de partijen.</p> <p>It giet neist ynfastruktuer, mobiliteit, berikberens, ekonomy(ske struktuer) en (grutskalige) wentebou ek oer saken it romtlik-lânskiplike, romtlik-ekonomyske, sosjaal-ekonomyske en sosjaal-kulturele belied fan de Provinsje, gemeenten en Ryk oanbelangjend. Ek binne der aspekten fan bestjoerlike gearwurking en demokratyske beslútfoarming, rol gemeenterieden, draachflak, publike prosespartisipaasje ensafuorthinne dy't in besprek freegje.</p> <p>Graach wolle wy fan de gelegenheid gebrûk meitsje dy't it Kolleezje yn it brief fan 8 maart 2022 oanjout om op 22 juny 2022 it debat te fieren oer it Deltaplan, op basis fan de stikken dy't no beskikber binne.</p> <p>Op grûn fan it technyske karakter fan guon efterlizzende ûndersiken en stikken soene wy ús foarstelle kinne dat ek in ynformative presintaasje mei fragen oan de opstellers fan de MKBA en technyske dielstúdzjes op syn plak is, folge troch in folsleine kommisjebehandeling.</p>
Yntsjinner(s)	(fraksje/ namme/ hantekening)  FNP, Sijbe Knol
Datum	18 maart 2022